

Fryske tanktsjinst

op snein 10 novimber 2024

yn de tsjerke fan Aldwâld



Tema: 'Giet it fansels?'

Foargonger: ds. Lieuwkje Cnossen
Oargelist: dhr. Harmen Jonker

Tarieding

Oargelspyljen

Wolkom en meidielings

Momint fan stilte

Sjonge: Kearseliet 277

Jo dy't foar it ljocht ús makke ha dat wy libje,
sprek ljocht, wês hjir oanwêzich yn jo namme:
Ik sil der wêze.

Elkenien giet stean

Intochtsliet: Liet 67: 1 en 3

1. Mei God ús oansjen yn genede
en ús syn rike seine jaan.
Mei foar ús folk yn geunst en frede
syn antlit ljochtsje_oer al ús dwaan.
Jou dat elk op ierde / wit hoe't Jo ús liede
en jo wegen ken.
dat de minsken sjogge / wat Jo rûnom dogge
foar jo eigen bern.

3. Jo lof riist op út alle lannen,
elk folk sil bliid Jo hulde dwaan.
De Hear is goed: mei mylde hannen
wol Hy ús de_ierdske fruchten jaan.
God wol om ús tinke, / ús syn seine skinke
no en elke kear;
't folk fan fiere oarden / bûcht foar syn geboaden,
frezet Him as Hear.

Bemoediging

F: Us Helper is de Heare,

A: dy't himel en ierde makke hat.,

F: dy't trou hâldt oan yn ivichheid.

A: en net los lit wat syn hân begûn.

Drompelgebed (hjirnei giet elkenien sitten)

Tema fan de tsjinst

Sjonge: Liet 216: 1 en 2

1. Dit is in moarntiid as oait de earste.
't Liet fan 'e klyster makket God grut.
Tank foar it sjongen, tank foar de moarntiid,
beide ûntspringe nij oan it wurd.
2. Dauwe oer de ierde, sinne fan boppen,
hearlike hōftûn, rook fan alear.
Tank foar de beammen, blommen en fruchten,
al wa't hjir omrint, moetet de Hear.

Petear mei de bern

Sjonge: Liet 923

1. Wolsto wier wol leauwe dat út mostersied,
lytser as in spjeldekop, wat gruts ûntstiet?
Hiest it djip ferstoppe yn 'e swarte grûn,
't hat him ta in grutte beam ûntjûn.
2. Wolsto wier wol leauwe dat út lyts begjin
ek in wûnder boppe wûnder groeie kin?
Wolst it dan net weagje mei it wurd fan God?
Sjoch ris wat syn leafde rûnom docht.
3. Wolsto wier wol leauwe: ien dy't as in bern
fol fertrouwen libbet, dy sil frede sjen.
Dy krijt troch syn leauwe, lyts as mostersied
leafde dy't de haat te boppe giet.

De bern gean nei harren tsjinst

Kyriegebed, ôfwiksele mei:

F: Dêrom roppe wy mei-inoar:

A: Hear, ûntfermje Jo.

Sjonge: Liet 910: 1, 3 en 4

1. Bytiden as wy sjonge
wurd't alles ljocht en klear,
dêr't earder dizzen hongen,
fernimme wy de Hear.
Binn' wy it paad soms bjuster,
Hy makket alles goed,
dy't ús nei kjeld en tsjuster
in mylde maitiid stjoert.
3. Hy dy't mei pracht de blommen
beklaaide, soe Hy net
mei klean fanwegenkomme?
Hy wit fan ús ferlet.
Gjin skepsel wurd't fergetten:
Hy hâldt it al yn stân.
De fûgels fine fretten,
wy ite út syn hân.
4. Ek as gjin beam mear fruchten,
ta rispen drage soe,
de greide lei te suchtsjen,
om 't neat mear waaksje woe,
dan noch soe God ús spiizgje,
syn goedens komt as rein.
'k Wol dei oan dei Him priizgje
en loovje sûnder ein.

Tsjinst fan it wurd

De groet

F: De Hear mei by jím wêze,

A: en ek by jo.

Gebed fan de snein

Earste lêzing út de bibel: Spreuken 6: 1-11

Sjonge: Liet 848: 1, 2 en 3

1. Al wat in minske fetsje wol,
oan wierheid en oan sin:
it leit ferskûle_yn jo geheim
dat ein is en begjin.
2. Gjin minske-each hat dat noch sjoen
gjin earen namen 't mei;
it komt mar amper by ús op,
fynt wifkjende syn wei.
3. De minske dy't jo wiisheid socht,
fan herten, mei ferstân -
dy litte Jo de ierde sjen
as skepping fan jo hân.

Twadde lêzing út de bibel: Markus 4: 26-34

Sjonge: Liet 981: 1, 2 en 3

1. Salang't op ierde minsken binne
en d'ierde fruchten jout, sa lang
sill' Jo ús as in heit beminne,
foar al wat libbet, Hear ús tank.
2. Salang't de minsken wurden sprekke,
salang't wy libje foar elkoar,
salang sill' Jo ús net ûntbrekke,
yn Jezus' namme tank dêrfoar.
3. It fee, de fûgels en de blommen,
wat groeit en bloeit op fjild en lân.
it hat by Jo syn ûnderkommen,
myn dagen binne yn jo hân.

Oertinking

Oargelspyljen

Sjonge: Liet 841: 1, 2 en 4

1. Wat binn' de goede fruchten
dy't groeie oan de Geast?
De leafde en de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om te ferdragen
en goedens foar en nei,
it leauwe_om al ús fragen
te neamen hûndertreis;
2. it leauwe om te skinken,
te skinken hûndertfâld,
dan sjogge wy allinken
it wûnder fan 'e wrâld:
dit libben yn syn hoede,
de ierde as in thús,
't binn' jeften fan Gods goedens
en syn geduld mei ús.
4. Wa' t harket nei de himel
wurdt wekker út 'e dream,
dy sil de fruchtbeam fine,
de messiaanske beam
en, dêrop inte, groeie
yn hiel syn ierdske dwaan,
oerfloedich sil er bloeie
en rike fruchten jaan.

Tsjinst fan it antwurd

Ynsameling fan de jeften foar

1. Itensbank, 2. ûnderhâld gebouwen, Tsjerkebehear

Gedachtenis

Sjonge: Lied 791: 1 en 4

1. Leafde, foar de tiden berne
as jo wurd fan 't oanbegjin,
leafde, wol ús hert bewenje
as geheim en segening.
4. Leafde wol himsels net sykje,
mar bloeit op troch goede trou.
Op it fûnemint fan leafde
ha Josels ús libben boud.

Oanstekken fan de kears foar Oekraïne, Gaza en Israël

Tanksizzing en foarbeaën, nei eltse yntinsje:

F: *Sa bidde wy mei-inoar:*

A: **Hear, hear ús bidden.**

Stil gebed en sjonge 'God fan fier en hein ús Heit'



I God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hil - lig - je jo nam - me,
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,
troch jo ei - gen bern be - skam - me.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.
4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.
5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Slotliet: Liet 978: 1, 3 en 4

1. Oan Jo beheart, o Hear, de ierde
mei al har deistich wol en wee,
de greiden, bosken en rivieren
it fêstelân, de wiffe see.
Ja, alles tsjûget dei en nacht
fan jo ûnmjittbere skeppingsmacht.
3. Yn blommetaal wurdt ús ferhelle
dat God it is dy't klaaiïng jout.
De fûgels fluitsje en fertelle:
de skepper bliuwt syn skepping trou.
't Is alles in gelikenis
fan boppe-ierdske heimenis.
4. Lit my Jo tabehearre, Heare,
en lit my dan de wrâld troch gean
mei iepen eagen, iepen earen
om al jo tekens te ferstean.
Dan is it ierdske libben goed,
de himel sels jout my syn groet.

Seine, mei 'Amen, amen, amen'